

PRAAT MAR
TOANIEL!

GROEP 7 EN 8, ÛNDERBOU FU

OZ



By sêne 1

Wa is hjir in freon?

Wa is hjir in freon? Wa is hjir in freon?
Do? Do? Jo menear?
Is it der noch of bestiet it net mear?
Freonskip!
Hallo!
Sprek ik soms Sineesk of sa?
Wa is hjir in, wa is hjir in freon
Fan wa?

Wa seit gewoan ris hoi? Hoi?
Wa hat hjir noch gefoel?
Oké fansels ik jou it ta,
ek ik bin fet en cool
Mar ûnder al dat cool en fet,
kloppet myn hert

Dora dreamt...
Dreamt fan in bettere wrâld,
want dizze is sa kâld foar Dora
Dora dreamt...
Fan aardich en fan freonlik
en fan earlik en sportyf
en dat soort klef gedoch
Dora, Dora, dream mar lekker troch!

Wa hat hjir noch ferstân? Huh?
Of bin ik no sa dom
dat ik de wrâld net mear begryp,
in wrâld sa rûch en stom
Dan tink ik by mysels:
Kom op, brûk dyn kop!

Of bist gewoan te bang? Bang!
Krûpst foar de oaren wei?
Dochst mei de oaren mei
en praatst de oaren nei
Sa'n freon is goed foar dy, net foar my

Dora dreamt...
Dreamt fan in bettere wrâld,
want dizze is sa kâld foar Dora
Dora dreamt...
Fan aardich en fan freonlik
en fan earlik en sportyf
en dat soort klef gedoch
Dora, Dora, dream mar lekker troch!

Wa is hjir in freon? Wa is hjir in freon?
Do? Do? Jo menear?
Is it der noch of bestiet it net mear?
Freonskip!
Hallo!
Sprek ik soms Sineesk of sa?
Wa is hjir in, wa is hjir in freon
Fan wa?

Wa is hjir in, wa is hjir in freon
Fan wa?

By sêne 2

Fûgelskrik, Blikjeman en Leffe Liuw

Famke, famke, famke mei de mûs
fier fan hûs, famke mei de mûs
Do bist allinne, wy binn' allinne
sille wy meielkoar fierder rinne?
Dan sjonge wy, dan sjonge wy,
in liet foar dy, in liet foar dy.

Ik bin de fûgelskrik
Fûgelskrik, sa hjit ik
en ik hingje oan in peal,
en de fûgels frette my keal!
Ik ha de kop fol strie dêr't by
In oar de harsens sitte
En hoe't it fierder moat?
Soe it net witte.....

Love me tender, love me sweet
Darling I love you
Ik soe sa graach fereale wêze
Woe dat ik it koe
Mar ja, ik bin de blikjeman en nee,
Ik ha gjin hert
Loving tender, loving sweet
Is what I cannot do
Boehoehoehoehoe...

Hand in hand, kameraden
Hand in hand, ik bin net bang
De kening fan alle bisten,
Moedich, sterk en strang!
No ja, strang...
No ja, net bang...
No ja, salang as it net eng wurdt
Of gefaarlik'
Dan bin ik bjusterbaarlik
Mar sjoch ik in mûs... ah!
Neat oan te dwaan,
ik bin en bliuw: in Leffe Liuw.

Famke, famke, famke mei de mûs
fier fan hûs, famke mei de mûs
Do bist allinne, wy binn' allinne
sille wy meielkoar fierder rinne?
Dan wolle wy, dan wolle wy,
nei Oz mei dy, nei Oz mei dy!

By sêne 2

Wat is Oz?

Wolkom yn it lân fan Oz
Wy binne bliid datsto der bist
Gjin lân is lykas Oz
Oz is mear as datsto dy dreame kinst
Oz is goed en Oz is kwea,
Oz is altyd, Oz is nea
Oz is wetter, Oz is fjoer,
Oz is ien grut aventoer!

Kinst der inkeld komme troch de loft
of op de fyts
Kinst der inkeld komme troch de loft
of op de fyts!

Snapsto? Nee?

It lân fan Oz is in read lân
woestinen hiter as hyt
en de sinne is in sinesappel
dy't derboppe stiet

It lân fan Oz is in grien lân
seeën djipper as djip
Kinst der net oerhinne farre
sels net mei in skip

It lân fan Oz is in giel lân
gletsjers kâlder as kâld. Brrrr!
Makke fan sitroentsje-iis
mei sûker en mei sâlt

It lân fan Oz is in blau lân
bergen heger as heech
en asto der oerhinne klimme wolst
dan donder't wer omleech

Wat is Oz? Wat is Oz?

Dit is Oz en dat is Oz
Oz is read en grien en giel
en blau en grut en lyts
en kinst der inkeld komme troch de loft
of op de fyts!

By sêne 3

Net sa hurd

Heit, do seist in liuw is
noait, bang do seist in
liuw, is grut en sterk, do
seist, ik sil dy foardwaan
hoe'sto brulle moatst in
liuw, moat brulle as in liuw.

En ik woe dat ik it koe:
brulle as in liuw, brulle as ús heit
Mar ik wit net hoe't it komt,
wêr't it him oan leit
mar as ik brulle wol dan klinkt it as:
Miauw!
Sorry heit, ik wit it, it falt dy freeslik ôf
mar ik kin net sa hurd...
want ik bin net sa hurd...

Hy kin net sa hurd...
want ik bin net sa hurd...

Heit, do bist der einliks
noait, dan seisto wêr't ik
bliuw, seis wike fuort, do
seist, foar saken yn it
bûtenlân do seist ik
hâld, fan dy en pas op
mem, do bist myn grutte
meid, de grutte meid fan
heit, mar leave heit ik
leau, net datsto fan my hâldst

En ik woe dat ik it koe:
mei nei it stasjon, swaaie nei ús heit
Seis wiken fleane om, is wat er altyd seit
mar as ik gûle wol, dan skamje ik my dea
Sorry heit, ik wit it, miskien lear ik it nea
mar ik bin net sa hurd...
en kin net sa hurd...

Wy binn' net sa hurd...
en wy kinn' net sa hurd...

Net sa hurd...
Net sa hurd...

By sêne 4

In hert, in brein en in mingel moed

In hert, in brein en in mingel moed
In hert, in brein en in mingel moed
dêr komst de wrâld mei oer
It wurdt in koarte reis of in lange reis
in sekonde, in minút of in wike as seis
mar wy komme der oan,
wy berikke ús doel
mei lef, ferstân en gefoel
juster, moarn of hjoed
In hert, in brein en in mingel moed
en in mingel moed!

By sêne 5

Gouden hoehoehoehoed

Wa hat de gouden hoehoehoehoehoed
gouden hoehoehoehoehoed,
gouden hoehoehoehoehoed?
Wa't de gouden hoehoehoehoehoed hat
hoehoehoehoehoecht mar
mei de fingers te knippen
en de gouden apen stean' foar dy klear
Ja menear! Goed menear!
Ta jo tsjinst menear
Hoehoehoehoe wolle jo it ha?
Sa of sa of sa of sa of sa?

De Kening fan de Gouden Apen
droech syn gouden hoed
mar no is hy in kening sûnder macht
It kwea hat him syn gouden
hoehoehoed ûntstellen
yn in kâlde kweade nacht

Hoehoehoehoe freeslik,
hoehoehoehoe gemien!
Walgina hat it dien! Walgina hat it dien!
Hoe komme wy wer fan har ôf?

Ja mefrou! Goed mefrou!
Ta jo tsjinst mefrou
Hoehoehoehoe wolle jo it ha?
Sa of sa of sa of sa of sa?
Sa of sa of sa of sa of sa?
Of sa?

Walgina

It rûkt hjir nei swevel
It rûkt hjir nei fjoer
It rûkt hjir nei swit
It rûkt hjir nei soer
De loftten berinne
De sinne wurdt swart ...
Fuort mei altyd, hjir komt it nea
Fuort mei it goede, hjir is it kwea:
Walgina, Walgina, Walgina!

By sêne 6

It libben is in trúk

Haha, wat in humor, haha, wat in grap
Ik lis yn in deuk en ik laitsje my slop
Blaas op 'e trommel en slach op 'e trompet
Want ik bin de Tsjjoender fan Oz, of net!

Ik bin wa't ik wol dat ik bin
In tsjoender, in wachter, in dwaas
Ik bin wa't ik wol dat ik bin
De Krystman en Sinteklaas

Hooggeëerd publiek, it libben is in trúk
Klap mar en laitsje en juich mar en fluitsje
nei de clown mei syn kleurige prík

Read as in tomaat, blau as in tomaat
giel as in tomaat, grien as in augurk
De Tsjjoender fan Oz is alles of neat
soms slagget de trúk, soms giet it ferkeard

Ik kin dy gjin hert jaan, gjin brein en gjin moed
al gûchelje ik noch sa knap en sa goed
Mar ik joech jim in opdracht,
ik joech jim in doel
en mei eigen ferstân, eigen lef en gefoel
ha jim it rêden, it wûn fan it kwea
In freonskip sa weardich en sterk,
seach ik noch nea

Jim binn' wa't jim graach wêze woenen
gefoelich, ferstannich, net bang
En dat wat jim tochten te missen
hienen jim stikem allang!

Hooggeëerd publiek, it libben is in trúk
Klap mar en laitsje en juich mar en fluitsje
nei de clown mei syn kleurige prík

In famke mei in mûs, in tûke fûgelskrik
In moedige liuw en in hert yn blik

De trúk is slagge, jim hawwe it sjoen
De magy, de fantasy haw' it kwea oerwûn.

Lalalalala

By sêne 7

Einliet: In hert, in brein en in mingel moed

In hert, in brein en in mingel moed
In hert, in brein en in mingel moed
dêr komst de wrâld mei oer
It wurdt in koarte reis of in lange reis
in sekonde, in minút of in wike as seis
mar wy komme der oan,
wy berikke ús doel
mei lef, ferstân en gefoel
juster, moarn of hjoed
In hert, in brein en in mingel moed
en in mingel moed!

In hert, in brein en in mingel moed
en in mingel moed!
en in mingel moed!